



DE PERFЕКTE MATCH

Jûnfoljend blijspul yn trije bedriuwen

troch

NICO TORRENGA

Fryske oersetting fan

Griet Reitsma-de Jong

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-Mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE PREFEKTE MATCH-DE PERFECTE MATCH** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NICO TORRENGA, vertaling GRIET REITSMA-DE JONG** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2024 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Telefoon (03)3.66.44.00.**

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Pieke Rosien (Beppe)

Sara Rozeboom - Rosien (Dochter)

Bert Rozeboom (har man)

Lina (freondinne)

Geralda (freondinne)

Pascal m/v (yogadosint)

Gerardus (doarpsgenoat)

Achmed of Fatima m/v (doarpsgenoat)

DEKOR:

It toaniel is in wenkeamer. Moderne ynrjochting. Links (*hal*) en rjochts (*de rest fan it hûs*) in doar. Yn de achterwand in rût dêr't in stoel stiet. Links in sithoeke en rjochts in ythoeke mei fjouwer stuollen.

EARSTE BEDRIUW

(as it doek iepengiet, sit Pieke yn har luie stoel by it rût te sliepen)

SARA: *(Type húsfrou, normaal uterlik, komt op mei in blêd mei kopkes en in termoskanne. Sjocht har mem sliepen)* Mem? Och, sjoch dy skat no ris ... *(suchtet)* Wat wurdt it sa stadichoan in âld wyfke.

PIEKE: *(Griis hier, draacht in deeglike rôze jurk, mompelt yn har sliep)* Nee, dokter ... Net noch mear pillen, dokter.

SARA: Sorry? Wat seit mem?

PIEKE: Nee, dokter ... It is sa wol goed ... Troch dy tube dy't jo foarskreaun hawwe is it in stik strakker wurden, dokter.

BERT: *(rjochts op)* Leave, hasto myn skearapparaat ek sjoen? Ik kin dat ding nergens fine.

SARA: *(Gebeart him stil te wêzen)* Net sa lûd! Mem sliept.

BERT: O, dat ferklearret in soad. *(laket)* Ik fûn it al sa stil yn 'e hûs!

PIEKE: Ja, dokter ... Sil ik dwaan, dokter. Goed wat derop smarre ... Komt goed, dokter.

BERT: *(ferheard)* Wêr hat se it oer?

SARA: *(laket)* Sperti.

BERT: De watte? *(Pieke wurdt wekker, mar Bert en Sara hawwe dat net murken)*

SARA: Ik tink dat mem wer lêst fan aambeien hat.

BERT: Harrekrastes!

SARA: Och, stel dy net sa oan. Iderien kin lêst fan aambeien krije. Mem hat in salfke fan dokter krigen en dat smart se op har...

BERT: *(ûnderbrekt har, teatraal)* Ja, ho mar ... Sorry hear, mar dat is my krekt wat tefolle ynformaasje.

PIEKE: *(docht krekt as sliept se noch)* Dy salve dy't jo my foarskreaun hawwe wurket meunsterachtich, dokter. Alle hobbels en bobbels binne fuort! Wol dokter ek even sjen hoe moai strak it wurden is?

SARA: *(Bert griist derfan)* Wat dochst?

BERT: Wat tinkst? As ik deroan tink dat dyn mem har... *(griist derfan)*
Dat de dokter by dyn mem... *(it griist him wer oan)*

SARA: Stel dy net sa oan. Tsjonge jonge ... Mannen! *(foeterjend rjochts ôf. Bert bûcht mompeljend foaroer om syn fiter te strikken. Yntusken komt Pieke oerein, bûcht foaroer en lit har panty, opsjoneel grutte wite ûnderbroek, op de ankels sakje. Rok bliuwt omheech, it hoecht net ordinêr te wurden. Ferjit net dat it publyk der wol in byld by hat en it folle leuker is om wat oan 'e ferbeelding oer te litten)*

PIEKE: *(bliuwt yn har rol as sliapt se)* Kin dokter der sa goed by komme, dokter?

BERT: *(draait him om/ noch hieltyd foaroer/ sjocht har rjocht nei it gat/ ûnderguod en skrikt him it apesoer)* Leave santjin. *(wol Pieke fan him ôftriuwe, Pieke skrikt ek en beide falle achteroer. Pieke by Bert op 'e skoat. Pieke slop fan laitsjen, Bert raast moard en brân)*

SARA: *(komt it toaniel op fleanen)* Wat is hjir te rêden? *(skrikt)* O, mem... *(beide lizze noch altyd op 'e grûn)* Is alles goed mei jo? *(helpt har oerein, mar dat slagget net drekst, goed útspylje, jou it publyk de romte om te laitsjen)* Net bêst. Hawwe jo neat brutsen, mem?

PIEKE: *(laket)* Meitsje dy net drok, fanke ... Der is neat te rêden. Ik foel sacht. *(laket)* Ik mei dan in frou op jierren wêze, dat wol net sizze dat ik neat mear hawwe kin. *(laket)*

SARA: It is net om te laitsjen, mem. Jo hiene wol wat brekke kinnen. En jo witte dat brutsen bonken op jo leeftyd fataal wêze kinne!

BERT: *(happend nei de siken)* Is der noch immen dy't har om my bekroadet? Ik krij hast gjin lucht! Noch even en har âlde lichem wurdt my fataal!

PIEKE: *(Sara hat beide hannen fan Pieke beet en lûkt har oerein)*
Skuor oan, Sara.

BERT: Ja, Sara... Lûk dat brokstik fan my ôf!

PIEKE: Brokstik?

SARA: *(lit har mem wer los, Bert begjint te âljen)* In bytsje respekt foar mem is wol op syn plak, Jammerhoutsje!

BERT: *(swier oerdreaun)* Ik stik sawat. Omheech skuorre dy hap!

SARA: *(lûkt har mem oerein, dan lilik)* Mem ... wêrom hinget de panty

jo op 'e ankels?

PIEKE: Ik soe it net witte. Dat moastst dyn man freegje.

SARA: (*strang*) Bert? Wat hasto hjirop te sizzen?

BERT: (*ûnskuldich*) Watte? Mar ... Ik ha hielendal neat dien!

PIEKE: Dat is krekt wê't de angel stekt, Bert Zweep! Do dochst noait wat. Diest mar ris wat. (*hyst har panty wer omheech, giet by it rút sitten. Doarbel*)

SARA: Ferdoarje, Dêr binne Lina en Geralda al en ik bin noch net iens klear. (*lichtlik yn panyk*) Litst de froulju der even yn, Bert? Dan sil ik de hapkes noch even meitsje.

BERT: (*rint muoisum nei de ythoeke*) Ik kin even neat, leave. Myn bonken binne allegear kniesd. Ik leau dat ik even nei dokter moat.

SARA: Och, dat mienst net ... (*meilibjend*) Docht it sa sear?

BERT: Wat no as myn ribben kniesd binne? Of dat der in skuorke yn sit? Of soe it better wêze dat ik even nei it sikehûs gean foar foto's?

SARA: Mantsje, toch... Ik hie net troch dat it sa slim wie.

BERT: De pine is oars net it iennige, hear. (*teatraal*) Ik haw deadseangsten útstien.

PIEKE: (*synysk*) Oerdriuwe is ek in fak!

BERT: Ik oerdriuw net! (*krimmenearet*) Wat as myn ribben brutsen binne en ik aanst in perforearre long haw?

SARA: Och, leave toch.

PIEKE: Dêr trapest toch net yn, Sara? Hy is krekt sa't ik al tsjin dyn heit sei doe'tst foar it earst mei him thús kaamst ... Dy fint hat gjin rêchbonke! In earste klas watsje!

BERT: In watsje? It is slim kniesd!

PIEKE: (*laket*) Och, wat no swier kniesd?! Bist gewoan in sloppe sek. In lultsje roazewetter! In sacht aai!

SARA: Mem ... Ik wol net dat mem sa oer him praat. Jo sjogge toch wol dat dy siel in hiele soad lêst hat?

PIEKE: Allegear oanstellerij! It is in fint fan neat! Of sa't jim tsjintwurdich sizze, in softie! (*doarbel meardere kearen*)

SARA: O, bin ik dy froulju hielendal fergetten. (*suchtet*) Jou dy mar even lekker del, leave. Dan lit ik dy froulju der wol even yn.

BERT: Dankewol, skat. (*oerdreaun*) Au!

PIEKE: (*Sara fol sarkasme neidwaan*) Jou dy mar even del, leave. (*foeterjend*) Tsjonge jonge ... As it myn man wie, dan wie er by my oan it ferkearde kantoar!

SARA: Mar hy is jo man net, mem!

PIEKE: En dêr bin ik ek beslist net rouwich om!

BERT: Dêr slút ik mei folslein by oan!

SARA: Bemuoï dy der net mei!

PIEKE: (*laket*) Sjoch ... sa pakst him oan!

SARA: En jo moatte je net mei myn houlik bemuoïe, mem. Ik kin wol foar mysels soargje. Ik fersoargje Bert mei leafde. (*Bert stekt út de gek de tonge út nei Pieke*) En no't Bert sa'n lêst hat, kin er jûn net nei de kroech te klaverjassen en bliuwt er gesellich by de moanlikse gearkomst fan ús hantwurkferiening "De flitige breinulle".

BERT: (*springt oerein*) Watte? Moat ik by dat roddelklupke fan jim bliuwe? Bisto hielendal fan de pot skuord?

SARA: No, sjoch ris oan ... Hy is wer better! (*Bert fielt him betrape*) Wat in bytsje leafde al net dwaan kin.

PIEKE: (*hannen yn 'e loft*) Loovje de Hear. Jomanda is der neat by. Kinst my ek in bytsje ekstra fan dy leafde jaan, Sara? As ik moarns fan bêd kom bin ik sa stiif as in doar.

SARA: Jo moatte wat mear gimmestykje, mem.

PIEKE: Ik wit watst bedoelst, mar ik gean net nei it doarpshûs om baltsje te rôljen en rollator tikkerke te dwaan. Dat is toch neat foar my tusken al dy âlde fan dagen?

BERT: (*sarkastysk*) Nee, dêr is mem noch fierstente jong foar, hin?! (*doarbel 3x froulju sjogge Bert ôfwachtsjend oan*) Ja, ja... ik sil wol iependwaan. (*foeterjend links ôf*)

PIEKE: Tsjonge, jonge ... Ast dêr de oarloch ek mei winne moatst.. (*sjocht ta it rút út*)

SARA: Och, Bert is ien mei in gebrûksoanwizing, en ek al moat ik him hieltyd achter de broek sitte, it is de goede fint, mem.

PIEKE: Do seist it, famke. Do seist it. (*suchtet*) Wat hie 'k graach sjoen datst mei Karel van de Spek trouw wiest. Dy wie in stik better foar dy west.

SARA: Karel van de Spek? Och, mem ... Doch even normaal! Hawwe jo him de lêste tiid wolris goed besjoen? Dy fint is swart fan meagerens. Wat dat oanbelanget docht er syn achternamme gjin eare oan, want wat ekstra spek op syn bonken kin foar him gjin kwea. Dat ik oait op him fallen bin is foar my noch altyd in riedsel.

PIEKE: It is my noch altyd in riedsel wêrom'tst op Bert fallen bist. (*huvert*) Al wie er de lêste op 'e weareld, dan gong ik noch leaver nei it kleaster...

BERT: (*links op*) Kom fierder, dames.

LINA: (*tige kreaze frou foar har leeftyd, in echte flirt*) Wat bist toch ek in gentlemen, Bert. Fan alle mannen dêr't ik in date mei hân ha, is der net ien sa galant as do!

PIEKE: (*sarkastysk*) Do bist mei de hiele weareld op date west! Dat betsjut dus dat Bert unyk yn syn soarte is!

SARA: (*laket*) Sjocht mem no wol? Myn Bert falt by de froulju yn 'e smaak!

LINA: Ast dyn nocht fan him hast, dan nim ik him graach fan dy oer, hear! (*flirt mei Bert*)

BERT: (*krijt it benaud, begjint te stammerjen*) Ikke ... Ik gean nei it hok, even by de ... (*siket om wurden*) by de hinnen sjen. (*giet gau ôf*)

LINA: (*ferheard*) Hinnen? Wêr komme dy ynienen wei?

GERALDA: (*hiel ûnnoazel type*) Ut in aai, slimpie ... Dat wit toch iderien?!

SARA: (*laket*) Dat is Bert syn ekskús om sa gau mooglik hjirwei te kommen. Wy hawwe gjin hinnen yn it hok.

GERALDA: Wêr binne dy dan wol?

SARA: Wy hawwe hielendal gjin hinnen, Geralda.

GERALDA: (*sjocht betinklik*) Mar dan hoecht er se toch ek net te besjen?

PIEKE: (*tsjin Lina*) Doe't it ferstân útdield waard, hat sy yn elk gefal net foaroan stien.

SARA: Genôch oer myn Bert. Sis, Lina ... Hoe wie dyn date justerjûn?

LINA: Och, wat sil ik sizze?!

GERALDA: Hoe't it wie. Dat freget Sara toch, is 't net sa?

LINA: Ikke ... Ik ... Guon dingen hâld ik leaver foar mysels..

PIEKE: (*sarkastysk*) Hy hat dy sitte litten, hin?

LINA: Watte? Hoe witsto ... Nee, hear!

PIEKE: (*genietet fan it momint*) Ik sjoch it oan dy. Hy hat dy sitte litten, dumpt, oan 'e kant set ... as in âlde fodde ...

LINA: (*ûnderbrekt har noartsk*) Ja, sa witte wy it wol! (*suchtet*) Ik begryp der neat fan. Soks oerkomt my oars noait. Wat man kin sa'n begearlike frou as ik no samar sitte litte?

PIEKE: Ien dy't syn ferstân brûkt ... of ien dy't de oare deis net in soa-test dwaan wol!

SARA: Mem!

PIEKE: Wat no, mem ... It is toch sa! Lina hobbelt fan de iene nei de oare. Wat dat oanbelanget is it krekt in wespenêst ... it is in kommen en gean!

LINA: Pardon?!

PIEKE: Praat ik ûnsin? Ik tocht it net. Hast wolris in man langer as in wike fêstholden? (*Lina wol wat sizze*) De mannen dy'tst oan dyn bêd fêstklonken hast telle net mei!

GERALDA: (*laket*) Seit mefrou dy't ferline wike noch mei twa manlju fan har klaverjasklupke skarrele hat!

SARA: (*ferheard*) Watte?

PIEKE: (*lilk*) Hee ... Dat haw ik dy yn fertrouwen sein, Geralda!

GERALDA: Oeps!

SARA: (*tsjin Pieke*) Hat mem ferline wike in date hân?

GERALDA: Net ien ... twa dates!

LINA: (*gnysket*) Pieke Rosien ... Do stikemert. En dat hat krityk op my? (*Pieke lûkt eigenwiis oan 'e skouders, Lina tichterby*) Sis ris, ... Wa wiene it? Pieter Boogaard en Harry de Winter seker? Of wie it miskien Klaas Geertsema?

PIEKE: Klaas Geertsema? Doch even normaal, sis. Klaas Geertsema ... Dy krijt ommers neat mear foar inoar! Dy man rint op syn lêste pear skonken ... Syn hert kin neat mear ha en ik leau net dat in eroatyske massaazje in ûnderdiel fan de earste help is!

SARA: Mem! Ik skamje my dea!

PIEKE: Wêrom? Om't dyn mem sa no en dan noch in bytsje wille yn it libben hawwe wol? Ik mei dan sawat oer de hâldbberheidsdatum wêze, mar dat wol net sizze dat ik achter de geraniums sitten bliuwe moat!

GERALDA: (*begrypt it, rint nei Pieke by it rút*) Och, dat falt ommers wol wat ta. Boppedat binne hjir hielendal gjin geraniums. Dit bin orchideeën, slimpie.

PIEKE: (*saneamd flústerjend tsjin Lina*) It is ek sa'n lantearne sûnder ljocht.

SARA: Mem, ik wol net dat jo je krekt as Lina as in lellebel gedrage.

LINA: Pardon?!

SARA: (*ferwitend*) Se hie twa dates yn ien wike!

LINA: No en?

SARA: Aanst oerkomt har wat.

GERALDA: O, dat sei ús mem ek altyd tsjin my. Derom tinke dat dy neat oerkomt, Geralda.

SARA: Ik leau net datsto dyn mem goed begrepen hast, Geralda.

GERALDA: Echt wol! Ik mei dan blond wêze, mar ik bin net dom, hear. Ik wit echt wol dat se dêr seks mei bedoelde en dat ik fan in oerke wille njoggen moanne ellinde oprinne kin!

LINA: (*lûd*) In oere? Woest bewoare datst in oere lang de leafde bedriuwst?

GERALDA: (*Geralda knikt*) As ik hastich bin wol, hear. (*Lina har mûle falt iepen*)

PIEKE: (*tsjin Sara*) Leave ... sit der mar net oer yn. Op myn leeftyd dogge jo dat soarte dingen net mear. Mei myn fersliten lichem falt soks net ta, hear. Ik bin al bliid as ik moarns myn steunkousen oankrije kin. Nee, dy tiid hat west. Tsjinwurdich is gesellich mei-inoar sitte al in rykdom.

LINA: Mar tútsje kin toch noch wol?

SARA: (*lilk*) Lina ... asjebleaft!

LINA: Stel dy net sa freeslik oan, Sara. Dy mem fan dy hat toch ek har behoeftes?

PIEKE: Oan myn liif gjin polonêze mear! Sawysa is de lol der al gau

ôf mei dy lossittende keunstgebitten fan ús!

SARA: (*skammet har*) O, mem ... Besparje my de details.

PIEKE: Sit der mar net oer yn, famke ... Dyn mem is mei in bytsje oandacht al bliid. Of it moat ... Of it moat wêze dat ik de man fan myn dreamen noch tsjinkom. Dan wol ik miskien noch fan myn prinsipes ôfwike. Der giet op 't lêst neat boppe in stevich potsje...

SARA: Mem!

PIEKE: Kalm mar, famke. Ik pleagje dy mar wat. Mar besefst dy eins wol hoe iensum it libben foar âlderen wêze kin?

SARA: Jo hawwe Bert en my toch?

GERALDA: En do hast Lina en my om dy selskip te hâlden.

PIEKE: No, dêr wurdt myn âlde dei in stik weardefoller fan. Ien kear yn 'e moanne in gearkomst fan "Hantwurkkloop de flitige breinulle" is net wat ik ferstean ûnder in bytsje spanning op myn âlde dei.

LINA: Mar sis ris, Pieke ... Mei wa hasto ferline wike in gesellich ôfspraakje hân?

SARA: Ik wol dit net witte, hear! Wat mem allegear útheeft giet my neat oan en ...

LINA: (*ûnderbrekt har*) Hâld toch op, Sara! Do bist betiden noch preutser as mem Theresa! It is toch moai dat dy mem fan dy noch goed yn 'e merk leit?

GERALDA: Wat merk?

LINA: De boumerk, Geralda!

GERALDA: (*tinkt even nei, dan falt it kwartsje*) O, fandêr datsto gauris de hele moarn yn de Gamma omrinst. (*Lina sjocht har ûndogens oan*)

SARA: (*tsjin Lina*) Rinsto in hiele moarn yn de Gamma om? Wêrom yn 'e fredesnamme?

LINA: Op syk nei echt mannen!

GERALDA: By de Gamma?

LINA: Ja, by de Gamma, ja ... Do wolst net witte hoefolle moaie, stoere mannen dêr altyd omrinne ... Och fanke, der giet in weareld foar dy iepen! Miskien moatst der ek ris hinne gean. It wurdt heech tiid datst ek ris oan de man komst.

GERALDA: (*laket*) Ik leau net dat ik op dy manier in man fyn, hear.

PIEKE: Do fynst sawysa al gjin man!

LINA: Och, der is gjin pot sa bryk as der past in lid op. Lústerje, froulju ... Yn de boumerk rinne ferskate begearlike mannen om, hear. Leau my mar, do fielst dy as in bern yn in snobberswinkel! Se binne der yn alle soarten en maten. Guon hawwe in overal oan dy't frij strak sit.. (*sjocht himelsk*) En no't it bûten waarmer wurdt hawwe guon der net in T-shirt ûnder en dan sjochst dat moaie brune fel mei kroljend boarsthier ... En dan dy spierballen en ... (*krijt it benaud*) Leit it oan my of it hjir ynienen gleonhjit?

PIEKE: It iennichste dat hjir gleonhjit is, bisto!

SARA: (*skodholjend*) Mem!

PIEKE: Ja, wat no? Ik fyn it hjir net waarm, hear. Ik haw stienkâlde hannen. Hjir Fiel mar. (*Sara fielt har hannen*)

SARA: Och, heden. Jo hannen binne ek hielendal blau.

GERALDA: Wolst miskien in tekkentsje foar oer de skonken?

PIEKE: Tinkst dat myn hannen dêr waarmer fan wurde? As ik kâlde fuotten ha, stek ik de hannen toch ek net yn 'e toffels?

GERALDA: (*wol wat sizze, mar realisearret har dat se wat doms sei*) Och, dat wie in bytsje dom fan my, hin?

PIEKE: (*sarkastysk*) In bytsje?

SARA: Lûk dy mar neat fan ús mem oan, Geralda. Dyjinge mei de minste toskan kôgje it meast. Hoe âlder se wurdt, hoe mear se har wiere aard sjen lit. (*Pieke sjocht har mei in skean each oan*) Mar wat ik noch net begryp mem, is wêrom jo it wol mei Lina oer jo date hân ha en net mei my.

PIEKE: In mem bepraat net alles mei har bern. Do bepraatst toch ek net alles mei my?

SARA: Dat kloppet, mar dat komt om't jo gjin geheimen bewarje kinne, mem.

PIEKE: Ik kin gjin geheimen bewarje? It moat ek net gekker wurde!

LINA: Sorry dat ik it sis, Pieke, mar dêr hat Sara wol in punt.

SARA: No hearre jo it ek ris fan in oar!

PIEKE: (*pikard*) Prima ... Ik wit genôch. Asto dyn eigen mem yn har lêste libbensfaze net mear sizze wolst wat dy dwaande hâldt (*de oaren sjogge inoar synysk oan*) dan is it my wol dúdlik.

GERALDA: Foar wat it wurdich is, Pieke ... Sara seit ek neat tsjin

my, hear ... en ek net tsjin Lina. Dat is ek wol sa goed, want ik bin as de dea dat ik myn mûle foarby praat. Stel dy foar wat se mei my dwaan soene as ik ferklappe soe dat Sara no en dan stikem smookt en Lina krekt as Pieke ek lêst fan aambeien hat!

SARA en LINA: Geralda!

GERALDA: (*skammet har*) Oeps...

LINA: Smookst wer, Sara? En dat hast net sein? En ik bin dyn bêste freondinne, want dat seist altyd!

GERALDA: (*laket*) Wat grappich ... dat seit se ek altyd tsjin my!
(*laket. Dan falt it kwartsje en sjocht se beteutere*)

SARA: Jim binne beide myn bêste freondinnen.

LINA: Och, lit ús mar net tsiere, froulju. Wy moatte inoar fertrouwe kinne en alles sizze kinne.

GERALDA: Ek oer dyn aambeien?

LINA: (*laket wat*) Ik ha hielendal gjin aambeien, slimpie.

GERALDA: Net? Mar wêrom moast ik dan in tube Sperti foar dy meinimme by de drogist wei?

LINA: Dat wie net foar my, mar foar myn eh... túnman. (*beseft dat se in flaterke makket*)

GERALDA: O, sis dat dan. Dêr hoechst toch net sa geheimsinnich oer te dwaan?!

SARA: Wat bisto betiden toch dom, Geralda.

GERALDA: Pardon? Ik dom?

SARA: Lina hat hielendal gjin túnman.

GERALDA: Net? Mar se sei krekt dat ...

SARA: (*ûnderbrekt har*) Se wennet op in flat ... trije heech!

PIEKE: (*synysk tsjin Sara*) En dan makkest dy drok om myn geastlik fermogen!

LINA: En wat as ik thús wol in túnman hie? No? Miskien hat er de plantsjes op myn balkon wol blêdlús ûndersocht!

PIEKE: (*laket*) Hy sil grif wat by dy ûndersocht ha, mar dat sille de plantsjes op dyn balkon wol net wêze!

LINA: No fuort dan mar ... Ik sil it mar opbychtsje. Dy Sperti smar ik op myn ...

PIEKE: (*ûnderbrekt har*) Ja, ho mar ... Wy witte wol wêr't it foar is. Ik ha sels ek tubes fol op myn ...

SARA: Mem!


LINA: Ik smar it ûnder myn eagen!

GERALDA: (*lilk*) Under dyn eagen? Hasto aambeien ûnder dyn eagen, Lina? (*allen suchtsje*) Mar dan wurket it wol goed, want ik sjoch neat!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto